

Jierferslach fan de tsjerkerintmasters oer 2022.

Krekt as yn 2021 hiene wy ek begjin 2022 te meitsjen mei Corona-maatregels. Tsjerketsjinsten giene wol troch, mar der kamen net folle besikers sneins yn tsjerke. De 'livestream' tsjinst waard wol troch in protte minsken thús folge.

Wy ha besocht ús ôfprate gearkomsten wol te hâlden. Wat ôfstân bewarje en om mekoar tinke. Der binne altyd wol saken dyt oandacht freegje en alles oer de tillefoan beprate wol ek net. Mekoar oansjen wurket noflikker.

Wy binne 8 kear by mekoar west en ús kolleezje is it hiele jier deselde bleaun. Minne hat noch in jier langer sitting en Harm woe noch wol 2 jier langer troch en Atze hat ek oanjûn noch troch te gean.

It kolleezje fan tsjerkerintmasters yn 2022:

Foarsitter ..... Harm Posthuma

Skriuwer ..... Minne Zijlstra

Ponghâldster .. Alie Kooistra

Leden .....Atze Veldstra, Lieuwe Hoekstra

Jan Jukema en Cees van der Weide

Ûnderhâld fan de Jacobitsjerke:

Op 10 jannewaris koe de firma Bakker & Timmenga út Ljouwert úteinsette mei de restauraasje fan it oargel. It ynterieur is der út helle, nei sjoen, oanpast en wer te plak brocht. Kundige minsken en ek de begrutte kosten kloppen.

In mearpriis foar it oanpassen fan de klavieren wie ekstra, mar dat koe wol.

De oargelrestauraasje hearde noch by it ûnderhâld fan de tsjerke bûtenom en de toer, dat yn 2020 plak fûn hat. It ryk hat ús dêrfoar subsydzje jûn. Fan de FKWWI en de WEK, beide ynstânsjes út Wommels, is ús ek rom jild taskikt.

Op sneon 19 maart is it oargel wer yn gebrûk nommen. Theo Jellema, adviseur fan Bakker & Timmenga, hat útliz jûn oer de wurking en ek spylle. Ek ús oargelist, Doeke van Wieren, hat spylle en hy wie tige tefreden mei it resultaat.

De ferwaarming: De besteande ynstallaasje, yn 2013 oanbrocht, ferbrûkte nochal wat gas. Sjoen it oantal minsken yn tsjerke yn de Corona tiid, sa as dit jier ek en sjoen de oprinnende gaspriis, ha wy omsjoen nei in alternatyf. De fa. Lukkes hat de ynstallaasje besjoen en in oanbieding makke foar oanpassing. Fanôf 24 oktober is dy der kommen en it liket better en súnigger te wêzen.

Ûnderhâld fan 'it Bynt':

De famylje Hazenberg hat in part fan de tún kocht. Se brûkten dat part al in oantal jierren foar berneopfang. It ûnderhâld hiene se ek.

Fanôf juny is in part fan de garaazje ferhierd oan Post NL. Dêr wurdt moarns de post brocht en fandêrút der bylânsbrocht yn en om Wommels.

It gebrûk fan 'it Bynt':

- de studearkeamer fan dûmny is der yn.
- ferhier oan de muzykskoalle, meditaasjegroep, bewenners fan Tywerthiem.
- fergaderingen fan de diakonij, breed moderamen en âlderlingen.
- ek 'Repair café komt dêr bymekear.

Ynkomsten:

Begjin 2022 is de 'Kerkebalans' wer opstarten troch ús ponghâldster. In protte frijwilligsters ha de brieven mei formulieren rûnbrocht en wer ophelle. It taseine jildbedrach paste goed yn de begrutting. Yn april wie der de 'Solidariteits collecte' en yn desimber de 'Eindejaars collecte'. Ek de pachtboeren drage bij.

Fanôf peaske ha wy en de diakonij it ponkjerinnen wer oppakt. Dit jier krigen wy neist jild ek noch ringen, dyt in bepaald bedrach oan jild fertsjintwurdigje. It keapjen fan dizze ringen wie in bewiis foar de belesting om te sjen wat jo oan tsjerke en diakonij skonken hiene. Mei yngong fan it nije jier 2023 wurde de ringen net mear ferkocht. Wat noch yn omloop is komt wol op ús ta.

Hidaard: Oan de Thomastsjerke is gjin grut ûnderhâld west yn dit jier. Wol binne om tsjerke hinne beammen troch de gemeente SúdWest snoeit. Tagelyk is ek de toer rûnom himmele. De heechwurker foar it snoeien wie der toch.

Dûmny: Ferline jier is dûmny Douwe Wijmenga fuort gien. Konsulent ds. Mook en pastor Simie Aardema ha de taak fan dûmny sa goed mooglik op harren nommen. Helaas is Simie al yn jannewaris der by wei fallen. It hiele jier ha wy wol de meiwurking en stipe fan ds. Mook krigen. Foar dit jier hâlde dat wol yn om in 'nije' dûmny te sykjen. It earste wat men lanlik, de PKN', witte woe is of wy der wol in dûmny op nei hâlde kinne. Dus moast der in 'solvabiliteits' ferklering komme. Dat is klear kommen en de beroppingkommisje koe los. Dat is in hiel trajekt en sûnt ein desimber witte wy dat it plak ynfuld wurdt troch ds. Marten Dijkstra út Markelo.

Tsjerkepaad: Krekt as foargeande jierren wie de Jacobitsjerke ek tidens Tsjerkepaad 2022 iepen. Fanôf 2 july oant en mei 10 septimber wie de tsjerke sneontemiddeis iepen fan 13.30 oant 17.00 oere. Foar eltse sneon in frijwilliger(st) om gasten te wurd te stean. Ek oargelisten ha dan gelegenheid om it oargel te bespyljen. Dit wurdt ôfpraet mei de stichting Organum Frisicum en yn oerliz mei Doeke.

De pastorie Ljurk 46: Fanôf febrewaris is der in hierder west. Der binne dúdelike ôfspraken makke en fêstlein mei Van Lelyveld.

Pacht: Yn de rin fan it jier is der in stik lân kocht yn gearwurking mei ús diakonij en ûnder tafersjoch fan Agri Vastgoed. It is yn gebrûk by de mij. Holtrop.

Livestream: Eltse tsjerke tsjinst en ek by bysûndere- en begraffenis tsjinsten wurde der opnames makke. Der is in frijwilligers ploech fan fiif man dyt om ste beurt de opnames fersoargje.

Beamer: Ek by eltse tsjerketsjinst kinne wy op in great skerm en in wat lytseren sjen wat ús tidens de tsjinst te wachtsjen stiet. Der binne in pear frijwilligers dyt yn oerliz mei de tsjinst-dwaende dûmny de beamer-presintaasje gearstalle.

Skiednisboekje fan de Jacobitsjerke:

Op 11 maaie wie der in petear mei drs. Willem Hansma. Hy is ien fan de redaksje leden fan stifting Alde Fryske Tsjerken en entûsiast skiedkundige. Nei oanlieding fan it feit dat de Jacobitsjerke neamt wurdt yn it boekje 'De Friese Elfkerkentocht', hat hy him fierder yn de skiednis dêrfan ferdjippe. Mei him ôfpraet om te besykjen in nij boekje gear te stollen. It jild komt fan sponsers en sûnt ein april 2023 is der genôch om it boekje drukke te litten.

Oer de Brêge: It tsjerke krantsje, 10 kear yn it jier. Ek dit jier wer fersoarge troch twa frijwilligsters. Oare frijwilligers bringe se rûn.